

## Achter it rút

Riemkje Pitstra



'Ik wol nei juf Klaske', seit Tomke.  
'Ik bin al sa lang thús.'  
'Dat kin net, Tomke', seit Kornelia.  
'Der binne noch in hiel soad minsken siik.  
Wy moatte net ek siik wurde.'  
Ynienen giet it mobyltsje fan Kornelia.  
De holle fan buorman Piter ferskynt op it skerm.  
Buorman Piter wennet yn in grut hûs by âlde pakes en beppes.  
'Hoi buorman Piter!' ropt Tomke bliid.  
'Sille wy anst op besite komme?'  
'Wy meie gjin besite ha', suchtet buorman.  
'Hjir wenje allegear âlde minsken.  
Dy meie net siik wurde. Dat is gefaarlik.'  
'Gelokkich ha wy de mobyl en de iPad', seit Kornelia.

Tomke kliert wat mei Romke.  
'Ik ha in pakje foar dy', seit Kornelia.  
'Dan hoechst dy net te ferfelen.'  
Yn it pakje sit lego om in auto te bouwen.  
'O, wat moai!' ropt Tomke bliid.  
Hy sjocht nei de doaze.  
Hy tinkt oan buorman Piter.  
Soe buorman Piter him no ek ferfele?  
Hy kin gjin spultsjes dwaan mei Tomke.  
Of nei it park gean yn de rolstoel.  
Tomke pakt syn doaze lego.  
Stikem slûpt er mei Romke nei bûten ta.

Eefkes letter steane se foar de glêzen doar fan it grutte hûs.  
Mar... de doar giet net iepen.

'Wat dogge jim hjir?' freget in famke.  
'Wy ha in kadootsje foar buorman Piter.  
Mar de doar is ticht', seit Tomke.  
'Wachtsje mar eefkes', laket it famke.  
Fuort is se al.  
Dêr rydt in rolstoel nei de doar.  
De doar giet stadich iepen.  
Achter de rolstoel rint it famke.  
'Buorman Piter!' ropt Tomke bliid.  
Hy swaait en swaait.  
'Wy ha in kadootsje', ropt er.  
'Dan hoecht buorman him net te ferfelen.'  
'Dat is geweldich', ropt buorman werom.  
'Kom mar net tichterby. Dat mei net.'  
It famke stapt nei bûten. Se seit:  
'Sil ik it kadootsje oan buorman jaan?  
Ik wurkje hjir.'  
Buorman is hiel bliid mei de lego.  
Hy stekt twa tommen yn 'e hichte.

De oare deis steane Kornelia, Romke en Tomke foar de glêzen doar.  
En wa sit dêr achter it glês? Buorman Piter.  
En wat lit hy grutsk sjen? In hiele moaie auto fan lego!